

Teake Oppewal

## **Ynspiraasje en ynhâld – Akky van der Veer**

*Op 5 novimber 2011 waard yn Riis yn Hotel Gaasterlân in Skriuwersbounwykein hâlden. Seis skriuwers wiene útnoege om wat oer harren skriuwerij te sizzen mei as tema 'Ynhâld en ynspiraasje'. Trije – Greet Andringa, Hein Jaap Hilarides en Margryt Poortstra - hawwe wat se dêr sein ha sels op skrift steld. Fan wat de oare trije – Hidde Boersma, Koos Tiemersma en Akky van der Veer - nei foaren brocht ha (en de neipetearen) is troch Teake Oppewal fan Tresoar in ferslach opmakke. Alle seis stikken binne foar pleatsing op dizze ôflevering fan Ensafh beskikber steld. De lêzers fan Ensafh krije sa de gelegenheid om ek by de auteurs yn 'e keuken te sjen. Moai. Hjir de bydrage van Akky van der Veer. Klik foar de oare bydragen troch nei: Greet Andringa, Hidde Boersma, Hein Jaap Hilarides, Margryt Poortstra en Koos Tiemersma.*

'Ik hâld fan skiednis en ik haw altyd tocht: dêr wol ik wat mei dwaan'. Oant koart lyn wurke Akky van der Veer oan in roman oer de dochter fan Redbad, mar nei it ferskinen fan Willem Schoorstra syn roman *Rêdbâd* hat se dat earst oan kant lein. Se begjint no autobio, dat woe se ek altyd al.

As famke fan 14-15 jier kuerde Van der Veer oardel jier yn sanatoarium Sonnevanck yn Hurderwyk, omdat se tb hie, wierskynlik skipe yn tsjerke. 'Ik hie gjin heit. Mem woe my nei Sonnevanck ha, omdat dat kristlik wie. Ik wie sa grien as gers! En dêr kaam ik tusken al dy foarlike bern út Amsterdam en Rotterdam telâne. Ik waard dêr yn ien kear grut, en fetmest, ik wie wol tweintich pûn groeid doe't ik weromkaam. En ik koe it mei mem net mear fine, ik wie net mear it folchsume famke fan foar Sonnevanck. Op Sonnevanck rekke ik ek myn leauwe kwyt.' Dat woe se allegear yn har boek ferwurkje. Wurktitel: 'Santich wike útfanhûs', en in wurkbeurs fan it Letterefûns lei der ek. Se hie brieven en in deiboek út har sanatoariumtiid. It soe in jeugdroman wurde. Mar stadichwei bekrûpte har it gefoel dat it ûnderwerp dochs oars wêze moast. As se 'frij skreau', dws. spontaan en sûnder ophâlden delskriuwe wat yn jin opkomt, kaam har mem hyltyd nei foaren. Sadwaande feroare se it ûnderwerp fan de roman. No giet it oer de muoisume relaasje fan haadpersoan Anne Ferwerda mei har mem.

Akky har mem wie noch mar 23 doe't se yn de oarloch widdo waard, mei twa lytse bern. Sy sels wie oardel. Se wit noch dat se by pake en beppe útfanhuze en by weromkommen frege 'Wêr is heity no?'. Mem fielde har lyts en fertrietich om it ferlies fan har man. Se moast bytiden ferskriklik gûle. Akky woe har dan treaste, in mem foar har eigen mem wêze. 'Stil mar mem, heit is yn 'e himel.' Tagelyk wie mem ek dominant en tige stjoerend yn it libben fan har bern. Nei Sonnevanck kaam de striid tusken dochter en mem. Oan de ein fan it libben kaam mem yn de bernskens en wie Akky wier har memme mem wurden. Doe koe se har oankrûpe en ticht by har wêze. Har mem is op 5 desimber 2010 ferstoarn.

### *Neipetear*

>Is it de earste kear dat se autobiografysk skriuwt?

>> Yn al har wurk sitte fansels autobiografyske eleminten, mar dit is wol in ferhaal dat tichter by har komt. Se hat lang wachte foardat se der oan begûn, omdat se der wat huverich foar wie. It like har altyd dat je allinne in biografysk ferhaal skriuwe oer wa't in fantastysk libben hân hat. Hein Jaap Hilarides: 'At ik dij soa hoor, hou ik fort op met autobiografys skriven.' Akky wit no dat se der in moaie roman oer skriuwe kin, en fansels betinkt se der wol it ien en oar by, 'want literatuer is lige, no?'. Om ôfstân te hâlden is it in sy-ferhaal wurden mei oare nammen. Van der Ploeg: 'Ja, je moatte earst ôfstân nimme fan jinsels, en dan kinne je pas yn jinsels krûpe.' Mei de kennis fan no wit Akky dat har mem manysk-depressyf wie. Se hie twa kanten. Har broer is in *fan* fan har, dy fynt it net slim dat se deroer skriuwt, ek al komt in stikje fan syn libbensferhaal der ek yn foar. Doe't se ferkearing hie mei Henk wie mem och sa benaud dat se yn ferwachting

reitsje soe en trouwe moast. Har broer kaam dat oer, mei alle skande dy't dêr yndertiid by hearde.

>Hoe gie dat mei de wurkbeurs fan it Letterefûns, doe't se har projektûnderwerp feroare fan Redbads dochter nei de eigen Mem ?

>> Dat hie se melden en it wie goedkard. Se ûnderfynt de ferplichting dy't in wurkbeurs opleit as in sterke stôk achter de doar. It twingt har om produktyf te wêzen. Koos Tiemersma seit dat soks by him ek jildt. Baukje Miedema jout oan dat se bewûndering hat foar it feit dat Akky har opset fan it boek noch hielendal feroarje koe (fan autobio op basis fan deiboeken nei in roman oer de relaasje mei har mem). Har eigen ûnderfining is dat as je ienkear in ûnderwerp yn in beskate foarm jitten ha, it net mooglik is om de foarm noch sterk te feroarjen. Wat de djipste driuw foar it skriuwen oangiet, stelt Akky: 'Ik wol my uterje. Ik moat it dwaan omdat ik it kin. Ik ha altyd fan lêzen hâlden en haw ek in protte lêzen, goed en min. Dat hat my ek stimulearre. Ik wol kreëarje.'

>Hoe sit it mei meilêzers?

>>Mei har beide soannen Elmar en Remco praat se wol oer it wurk, mar se kin gjin meilêzers ferneare as de tekst noch net klear is. Krytyk kin har fan de kaart bringe of it ferhaal in kant út stjoere dy't se net wol. Van der Ploeg seit dat er dat ek sa hat. Greet Andringa hellet lykwols op dat Akky *har* krekt wol hiel goed en leafdefol begelaat hat doe't sy op healwei wie mei *Libben reach*.